



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

Zondag 4 oktober 2009

Dienst van de voorbereiding

We beginnen met het zingen van de welbekende lofzang psalm 150: Looft God looft Hem overal. Daarna leest ds. Wagenaar in het Fries voor gezang 400, het loflied van Franciscus

Dienst van de schriften

Vandaag een wonderlijk verhaal over de bijzondere gaven van de heilig Franciscus van Assisi die met dieren kon spreken. Dit verhaal gaat over 'De wolf van Gubbio. Een wolf die de omstreken van Gubbio zo zeer terroriseerde dat de mensen niet zonder wapens meer buiten de stad durfden te komen en men jacht op de wolf maakte omdat de wolf mensen doodde en verwondde. Franciscus ging praten met de wolf en sloot een compromis tussen wolf en de bewoners van Gubbio; De wolf zou de mensen met rust laten en de mensen zouden de wolf zijn of haar leven lang te eten geven. Tevens werd gelezen uit Romeinen 12: Kerngedeelte is het laatste vers: "Maar 'als uw vijand honger heeft geef hem dan te eten, als hij dorst heeft, te drinken (...) Laat u niet overwinnen door het kwade, maar overwin het kwade door het goede".

Preek



Het is dan wel dierendag maar daar wil ds. Wagenaar het vandaag niet over hebben. Hij wil dieper ingaan op

de symbolische betekenis van het verhaal van

de wolf van Gubbio: Hoe gaan de meeste mensen om met hun angst. Net als in het verhaal bewapenen wij ons en willen we alles waar we bang voor zijn uit de weg ruimen. Franciscus was alleen gewapend met een kruis en trad de/zijn angst tegemoet. Het verhaal is opmerkelijk omdat Franciscus leefde in de 11^e eeuw. Een tijd vol met geweld. Van alles joeg de angst aan; natuurgeweld, andere godsdiensten, andere volken die de macht wilden. Franciscus doorzag die angst. Ds. Wagenaar was verbluft dit verhaal in combinatie met Romeinen 12 te lezen. Daarin staat die wijsheid al geschreven.

En durven wij tegenwoordig onze angst onder ogen te komen en vergelden wij kwaad met goed? In de wereldpolitiek? In ons leven (ons negatieve zelfbeeld, depressies)? En waartoe voeden wij onze kinderen op die al vroeg d.m.v. films en spelletjes leren dat kwaad altijd met geweld en macht te lijf gegaan moet worden. De weg naar de vrede is de vrede zelf. En ten aanzien van onszelf: Zie je angst onder ogen, neem jezelf zoals je bent en wees mild.

Na de preek muziek:

'Herzlich tut mir ferlangen' van Brahms van de cd die is gemaakt tijdens het concert van Elske in 2007 in de Martinus Kerk.

Dienst van het Delen

1^e Collecte: Kerk en Israel

2^e Collecte: Kerk.

Bloemen

De bloemen gingen naar: De invalorganist, de heer Minnema. Het bloemstuk is gemaakt door Griet Tolsma.



Medelingen

Vanavond is de Martinus Tsjinst voor jonge mensen (16-35 jaar). Maandagavond begint het leerhuis over Paulus, iedereen kan er zo bijkomen. Na de dienst is er koffie en afscheid van Elske Posthuma als organiste.

Medewerkers

Voorganger: Ds. Wagenaar
Organist: De heer Minnema
Ouderling van dienst: Martsje Meijers
Diakenen: Tjitske Visser, Wybren Jongbloed
Koster: Jannie Smids

AFSCHEID Elske Posthuma

Na de dienst is afscheid genomen van Elske als onze organiste.

Arie Dol hield een toespraak:



Bêste minsken,

- As wy sneintemoarns it tsjerkepaad opkomme, fine we it hiel gewoan dat it tsjerkestek iepen stiet, dat de tsjerkedoarren iepen stean. En as we dan tichteby komme, fine it fanselssprekkend dat de klanken fan it oargel as snieflokken oer ús hinne dwarrelje. Hiel gewoan allegearre.
- Wy realisearje ús meastal net, dat der dan al in soad minsken foar ús yn 't spier binne: de koster, de lieding fan de sneinsskoalle en bernenjonkentsjinst, de oppasbeppes, de blommeffroulju, de âlderling en diaken by de doar, de dûmny en fansels net te ferjitten, de oargelist.
- Alle sneinen fan it jier – en faak dêr ek tuskentroch – binne der om de earetsjinst hinne tal fan minsken warber om ús as gemeente in gefoel te jaan fan wolkom en ferwachting.

- Ien fan dy minsken nimt hjoed ôfskied fan ús, net as gemeentelid, mar as fersorchster fan in hiel wichtich ûnderdiel fan ús earetsjinsten, as oargeliste. Elske Posthuma.
- Sa't wy allegearre witte hat Elske oanjûn, dat se definityf stoppet mei de begelieding fan ús gemeente mei it oargel. De redenen foar dat beslút witte wy ek.
- Einliks hie Reinder Bouma hjit no stean sillen, mar hy koe perfoarst net. It spiet him ôfgrysluk, want hy hie alderhande aardige dingen sizze sillen. Reinder en ik sitte beiden yn it moderamen, dat hy hat my frege om him te ferfangen. Fandêr.
- Wy nimme hjoed dus ôfskied fan Elske Posthuma, ien fan ús fêste oargelisten. En dat dogge wy mei pine yn it hert. Want wat wiene wy der grutsk op dat wy yn ús eigen gemeente beskikke koene oer in pear fan sokke goede oargelisten.
- It siet der al jong yn by dy, Els. Al by de earste oargellessen fan buorfrou Geertsje die bliken datst' der nocht oan hiest, sterker noch, do hiest ek oanlis. It âld harmoanum thús hat it witten, op it lêst pipe en kreaake it oan alle kanten. Jierren lang hast' les hân, fan ferskate dosinten. Nei it harmoanum kaam der in oargel mei 2 klavieren en in foetpedaal. En noch wer letter in Jehannusoargel.
- Doe't de Posthuma's yn Wurdum kamen te wenjen, griepst' de kâns om sa no en dan te spyljen op it oargel yn de Unitastsjerke. Om 1990 hinne waardst' dêr fêste oargelist. En letter fansels kaam dêr ek de Sint Martinustsjerke by.
- Doest' op dysels wenjen giest, moast it oargel mei, fansels. Hoe faak as dat net ferhuze is. Jim' heit wit der alles fan. Gjin wûnder dat dy man it altyd yn 'e rêch hat.
- Wy witte allegearre wêrom datst' ophâlden bist mei it oargelspyljen. Fan jongs ôf oan hast' in min gehoar. It is dêrom einliks hiel bysûnder dat dyn hobby yn de muzyk leit en dan fral by it oargel. It muzikaal fermidden dêrst' út wei komst' sil dêr fêst mei te krijen hawwe, de leafde foar de muzyk is dy om sa mar te sizzen mei de brijleppel ynjûn.
- Ik tink dat der ferskate hichtepunten yn dyn muzikale karriêre west hawwe.
 - It earste sil west ha, datst' foart it earst in kompleet stik spylje koest". Mei tank oan buorfrou Geertsje.
 - En dy twadde priis, dyst' wûnst' yn Ferwerd doet' 15 jier wiest, mei it stik Erbarme Dich, fan Bach.
 - De earste kear datst' as oargelist de gemeente begeliedest yn de Unitastsjerke.

- Mar it absolute hichtepunt sil grif west hawwe dyn oargelkonsert yn dizze tsjerke yn novimber 2007. De tsjerke siet grôtfol. Do hiest' betocht dat it momint wolris naderje koe dat soks net mear mooglik wêze soe. In profetyske ynjouwing, hat al frij gau dêrnei bliken dien. Op de startsnien fan it earstfolgjende winterskoft wie dyn gehoar folslein fuort.
- It ferfolch witte wy. In lange perioade fan ûnwissens breek oan, mei in libben tusken freze en hope. As gemeente binne wy dêr geregeldwei fan op 'e hichte hâlden. Stadichoan waard foar ús ek dúdlik, dat dyn oargelspyljen ferline tiid wurden wie. Wy hawwe mei dy mei libbe, fertriet hân om dyn fertriet. Fertriet om it ferlies fan dyn yntinse relaasje mei it oargel, in part fan dyn libben.
- Mar der wie net allinne fertriet, it wie ek in perioade mei hope. In tiid dy't it karakter krige fan in ûntdekkingsreis. Do krigest in ymplantaat mei as gefolch dat der in folslein nije wrâld foar dy iepene waard. De yndrukken dy't op dy ôfkammen, dieldest' graach mei de lêzers fan dyn omstjoerbrievjen. En dat diest' mei de humor dy't dy eigen is. Dit lêste is ek wer net in wûnder ast' it nêst sjochst dêrst' út wei komst! Yn dyn omstjoerbrievjen makkest' ús dielgenoat fan dyn ûnderfinings, bygelyks wat foar freeslike lûden der allegearre op dyn paad kamen :
 - Sa hearsto foar de earste kear yn dyn libben dyn katten - Mies en Teun - iten. Wat hjit: se smakke, net om oan te hearren!
 - En dan dyn waskmachine: krekt in drillboar.
 - Tosken poetse is ek se wat, dat klinkt as skrobjen.
 - Do skriuwst ek in kear: "ik wist niet dat je buiten de wc alles kunt horen op de wc; dat je eigenlijk totaal geen enkele privacy hebt; maar dat we met z'n allen doen alsof we dat wel hebben."
- Do hast in soad talinten Els en ien dêrfan is it skriuwen, it hantearjen fan de pin. Do hast' in natuerlike styl fan skriuwen. Dêr soest' bêst ris wat mear mei dwaan kinne.
- En dan, hiel bysûnder. Yn dyn omstjoerbriev fan 18 april 2009 – ast' it hast oer dyn ymplantaat - seist' op in beskaat momint: *"Ik voel me de gelukkigste vrouw van de wereld! Het is het mooiste cadeau wat ik ooit gekregen heb."*
- Wy binne as gemeente bliid datsto sa goed mei de tsjinslaggen om gien bist. En wy binne tankber dat– nettsjinsteande it ferlies fan in dierber aspekt fan dyn wêzen – dyn libben ek nije perspektiven krigen hat.
- Bêste Els, it muoit ús datst' net wer by ús spylje silst, wy misse dy, al in skoft.

- Bedankt foar al dy jierren datst' by ús spile hast.
- Bedankt dat wy altyd in berop op dy dwaan koene.
- Bedankt foar al dy moaie mominten dyst' ús yn dyn oargelspul jûn hast.

- Ik slút ôf mei dyn eigen prachtige wurden: *"Us ferkearing mei dan wol út wêze, mar wês der fan oertsjûge dat de leafde bliuwt"*.

4 oktober 2009/arie

